

Iten mei in P

Tekst & muzyk
Geartsje Douma

1. Ik gean nei de piz - ze - ri - a, ik wol hjoed in piz - za ha. Jou my

mar in Mar - ghe - ri - ta, want dan smik - kel - je ik sa.
refrein

Ik wol al - tyd i - te wat ik lek - ker fyn:

Piz - za, pan - koek of pa - tat, mar dêr traap - je se thús net yn.

2
Ik wol sneon graach nei de snackbar
om patat mei in kroket.
Dêrnei wol ik noch in ijsko:
in calippo of raket.
Refrein

3
Snein wol ik nei 't Pankoekskip ta,
want ik bin ôfgryslík gek
op in pankoekje mei sûker
en in pankoekje mei spek.
Refrein